

Wat men by it maitiid
sieddet, dat waakst yn
'e simmer

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



Toegankelijk

Werkgroepleden proosten op start project opschonen kleine vaarwegen in de Greidhoeke

Pagina 3>



Jeu de Pelote

Ljouwerter team ferslacht yn de finale Frjentsjer en wurdt yn Littens Frysk kampioen

Pagina 3>



Duurzaam

Energiecoöperatie Grieneke bruist van de ideeën om dorpen milieuvriendelijk te maken

Pagina 7>

Nije sportakkommodaasje draacht by oan leefberens Littens



Easterlittens – It Olympysk fjoerbaarnde ôfrûne sneon efkes op it sportkompleks Tred Iene yn Easterlittens. De sportferienings namen dêr de nije Multisportarena Easterlittens yn gebrûk.

Troch Hinne Bokma

Op it plak fan it gravelfjild is in multifunksjonele sportakkommodaasje oanlein, dêr't mei in protte wille fuotballe, keatst, basketballe,

gymnastike en skeelere wurde kin. It plan is yn de ôfrûne jierren útwurke troch de projektgroep Gravelveld Ontwikkelen (GO).

Projektgroep

It wie yn 2015 Pieter Steinfort, dy't mei it idee kaam om it âlde gravelfjild, dat der al jierren suterich bylei, in nije bestimming te jaan. It idee late ta de oprjochting fan in projektgroep, dêr't alle sportferienings út Littens, doarpsbelang,

De Jister, de skoalle, twa ûnôfhinklike leden en in neiste bewenner yn fertsjintwurdige wiene. „Wolle jo hjoed de dei wat fan de grûn tille en ûntwikkelje dan is draachflak in fereaske. Jo sille as lyts doarp je enerzjy stekke moatte yn aktiviteiten, dêr't je net allinne op koarte termyn, mar foaral ek op langere termyn profijt fan ha. Dat betsjut dat jo ek de nekke útstekke moatte”, sa sei foarsitter Paulus Zijlstra by it iepeningsfeest fan de

akkommodaasje. De nekke útstekke hat de projektgroep seker dien. Mei it projektplan gong de projektgroep de boer op en wist it foarinoar te krijen dat it jild op tafel kaam. Ferskate ynstânsjes kamen mei subsidzje oer de brêge, de gemeente Litten-seradiel wurke mei en frijwilligers gongen op paad mei sekjes ier-appels. Uteinlik wie der foar de multifunksjonele sportakkommodaasje 116.000 euro nedich.

De gebrûkers fan de nije akkommodaasje binne de fuortbalferiening Oosterlittens, gymnastiekferiening Longa, keatsferiening Onder Ons en de ijsclub Eendracht. Tidens de iepening lieten se al wat sjen.

„Wy binne der fan oertsjoege dat dit projekt yn kombinaasje mei mfc De Jister bijdrage sil oan de fitaliteit en leefberens fan ús doarp”, sa sei foarsitter Zijlstra fan de projektgroep.

Bern basisskoallen swaaie skries út



Weakens – It wie woansdei 20 juny in bysûnder momint foar de bern fan de basisskoallen de Romte yn Itens, de Opslach yn Wommels, de Stjelp yn Baard en it Bynt yn Winsum. Mei-inoar ha de bern de skries útswaaid. It útswaaimomint fûn plak midden yn in greide, dat sintraal leit tusken alle fjouwer skoallen. De ôfrûne twa jier hawwe de skoallen wurke oan it project Greidhoeke goes Onderwijs (GGO), dat yn it teken stie fan ûndersykjend leare: bern stelden sels harren ûndersyksfragen, dat soarge foar in protte belutsenens en ynteresse. Mei as startpunt de eigen omjouwing en

de skries: it earste jier in protte leare oer de skries sels, oer de omjouwing fan de skries yn Fryslân. Kunst, kultuer, natuer, alles kaam oan bod. It twadde jier stie yn it teken fan de omjouwing fan de skries bûten Fryslân. By it útswaaimomint binne ûnder oaren de ûntwerpen fan fjouwer skriezen ûnthuld dy't fan izer neimakke wurde, dizze skriezen krije letter in plakje yn 'e Greidhoeke. De moarn waard ôfsletten mei it útswaaien fan de skries, dy't ynkoarten de reis nei it suden wer meitsje sil. It útswaaien barde fansels mei Wiebe Kaspers en 'Nim my mei dy mei'.

Twa wike sûnder auto in kearpunt yn tinken

Wommels – Tsjerd Hofstra út Wommels hat it der hartstikke drok mei. As projektlieder van de Elfwegentocht makket er op it stuit mear as sechstich oeren yn de wike. De Friezen wurde opropen om tidens de Elfwegentocht fan 1 oant 14 july de benzine- en dieselauto's stean te litten. „Stap op de fyts, gean draven, roeien of mei hynder en wein. Mar lit twa wike dy auto stean”, seit Hofstra.

Troch Hinne Bokma

As it oan him leit wurde sa gau mooglik alle auto's, dy't yn de wrâld op fossile brânstof ride, sloopt en wurde de ûnderdielen recycled. Dan wurdt de CO2-útstjit werombrocht. „De klimaatferoaring is in grutter probleem dan as wy tinke. Alle ljochten steane op read”, stelt Hofstra. „It gebiet op ierde, dêr't troch de hitte net mear libbe wurde kin, wurdt hieltiten grutter.” „Earne moatte wy begjinne. Dat is yn Fryslân.” De stichting Freonen fan Fossyl Fryslân, dêr't sa'n 150 ynstânsjes, gemeenten, bedriuwen en skoallen lid fan binne, fynt dat der yn 2025 yn Fryslân fossylfrij autoriden wurde kin. De Elfwegentocht is dêr ta in earste oanset. Hofstra jout presentaasjes



Projektlieder Tsjerd Hofstra by it liftplak yn Wommels

by gemeenten, bedriuwen en skoallen. Soms wol trije op ien dei. „De aksje moat de minsken bewust meitsje fan it probleem en in gedrachsferoaring yn gong sette”, sa jout de projektlieder oan. „Net allinne neitinke oer hoe't wy nei it wurk geane, mar ek hoe't wy rekrearje. Hoe geane wy nei it keatsen ta?” Tsjerd jout lieding oan in team fan acht minsken, dy't fan alles betinke om de minsken mar út de auto te krijen. De aksje falt op yn oaren dielen fan it lân. Alle provinsjes

komme op besite en de NOS hat in protte tiid ynromme foar de Elfwegentocht. „Alle jûnen in pear minuten nei it sjoernal en acht minuten yn Nieuwsuur”, fertelt Hofstra. Mei de Elfwegentocht leit der nefens him in útdaging foar alle 640.000 Friezen. „It kin sjoen wurde as in kearpunt yn tinken.” De bussen ride tidens de Elfwegentocht op blauwe diesel. Der binne spesjale kaartsjes. Foar 20,18 euro kin der twa wike mei de bus reisgje wurde.